

AD 1870

HISTOARYSKE KOMMISJE
DE EASTERWIERRUMER
FREONERÛNTE



1935

Yn de omkriten fan de Snitser-Aldfeart.




De âld pleats fan Tsjomme Hajes

Skriuwer ??

Yn de omkriten fan de Snitser-Aldfeart

Yn de omkriten fan de Snitser-Aldfeart



Hwannear men by de stiennen treppen opgiet fan it âlde Easterwierrumer tsjerkhûf en men sjocht it fjild ris oer, dan earst kin men jin yntinke, hoe heech de greate terp hjir wol west hat. Om en by de tsjerke en toer stiene de stinsen of status's. "Groot Walkama", de namme kin men noch lêze op de hikke fan de pleats, biwene troch de hear Schoustra hawwe yn 't foarige al efkes neamd. Dan kaem on de reed nei 't âlde doarp. "Gerbranda-state" mei syn hûven en singels. Yn 'e "Stad- en dorpskroniek" fan Dr. Wumkes wurdt sprutsen oer "Garbade-state", hwer't op 28 Jannewaris 1764, "60 esschen en abeelen". Oan de opreed to keap oanbean wurde. Men kin yn 't selde boek ek fine: "op 9 April 1785: Te verkoop aangeboden de deftige, beknopte en plaisante heerenhuizinge met twee vruchtbare hovingen en tuinen met de daartoe behorende singels en grachten: Gerbrada-State te Oosterwierum". Yn hoefier dizze staten deselde west binne is my net dúdlik, miskyn dat der wol in lêzer is dy't dit wit.

Fierder hat men noch de âlde pleats mei tekstkuppre, it plak hwer ek in state stien hat, n.l. Vogelzang, net de selde as de state fan deselde namme, dy 't by de Brêgebuorren stie. Op de kaart van Eekhof, sa'n hûndert jier lyn, wurdt dit sté oanwiisd as "Hania". Dizze âlde pleats is yn eardere tiden mear as hûndert jier bibuorke wurden troch de femylje Stellingwerf. De nammen Jildert, Teake en Haje komme noch in bulte foar yn dy femylje. Ien fan de foarâlden en ek boer op dizze pleats wie Tjomme Hajes, de fokker en learmaster fan de forneamde hurddraver yn de lêste helte fan de 18^e ieu, n.l. "Malle Jan". Dit kaem op in eigenaerdige manear oan 't ljocht. In man, ik

mien dat it in snider wie, seach op in "boekestaltsje" op in plak yn 'e achterhoeke fan Gelderlân in skilderij lizzen. Dit skilderij bifette in útbylding fan Malle Jan, "de hardste draver van Europa", sa as der by stie. De eigener syn namme stie der op , n.l. Tjomme Hajes te Oosterwierum en it jiertal 1768. De man koft it skilderij en omdat hy in goekunde wie fan pastoar Streppel, destiids to Easterwierrum, krige dizze lêste it yn 'e hannen. Doe't dy man forhúze nei Nieuw-Schoonebeek, waerd in neisaet fan it slachte Stellingwerf, it skildery foreare, sadat men it nou noch sjen kin by de Hear T. Stellingwerf, postkantoar to raerd. Yn "Uit Frieslandsch Volksleven", diel I fan Waling Dijkstra, kin men lêze, dat de boargemaster fan Warkum, Hette Eelkes Altena dit hynsder oanfokt hat en it letter forkoft hat, doe't it acht jier âld wie. Men moat dus wol tinke, dat Tjomme Hajes it bist al jong forkoft hat oan Altena. Fierder fortelt Dijkstra, dat it alle swipen yn Fryslân woun en dat der in ôfbylding fan makke is "ter eere" fan Prins Willem, doe't dy foar it earst mei syn heit, "de Held van Quatre-Bras", yn 1830 by de Ljouwerter hurddraverij kaem to sjen. Op dit hynsder is in rymstik makke. Waling Dijkstra tinkt, dat it fan Dr. Eeltje Halbertsma is en dat sa bigjint:

Dit hynsder droech foar fyftich jier,
Twa kwasten yn it moannehier.
Mei frissels, lutsen en sok snjit,
dêr nou in tysker neat fan wit.
En wol'k dy sizze hwa 't hy wie:
't Is Malle Jan, dat edel dier,
Dat fyf-en-tritich swipen woun,
Ta greate ear fan Fryslân's groun.
Mar freon, al binn'de kwasten wei,
Us dravers dogge dochs jit mei,
En Malle Jan, al is hy stoarn,
Us boeke fokje oaren oan.
Hwa kin "Apol" en "Morra" net,
Dêr mannich baes me kaem to set

Apol en Morra wiene bikende Fryske hurddravers út de hearste helte fan de foarige ieu. Waling Dijkstra fortelt fierder dat Malle Jan troch de boargemaster forkoft waerd oan de hynstekeapman Jacob van der Laan út Amsterdam foar "acht zakjes zestehalven". Zestehalf wie in sulveren muntstikje fan 27½ sint en een sekje fo wie 100 stiks. It âlde doarp moast foar de terp-lodde wike. It iene hús nei 't oare waerd ôfbrutsen, de skoalle moast der ek wei. Yn 1873 waerd in nije skoalle boud yn 'e buorren (brêge) en de âlde, hwer't miskyn noch in inkele âld-Easterwierrumer fan hjoed de dei syn earste lessen krige hat, moast opromme wurde. It selde lot trof de pasterij. By de brêgebuorren waerd in nije boud en de âlde, earst noch efkes forhiedt oan in pear arbeiders, waerd ek ôfbrutsen. Sa goed as ik wit, wie Ds. Offerhaus de lêste dûmmny dy't de âlde pasterij biwenne hat. Yn 't bigjin fan dizze ieu kaem de âlde tsjerke oan bar. By de buorren, foart by de pastory, waerd in nije tsjerke en toer boud. En hjirmei hie it doarp, eartiids in terpdoarp, him foar goed forpleatst nei Brêgebuorren. Lykwols, de âlde toer stiet der noch, as soe er de wacht hâlde oer de deaden, dy't hjir ieu yn, ieu út, bigroeven binne. Hoewol, tige boufallich dit biwyst it buordtsje, dat oan de toer hinget en hwer op stiet "levensgevaarlijk", sil er straks wer forsterke wurde, de tarisings binne der al foar. Op 'e tekening kin men de âlde tsjerke

noch biwûnderje. Ieuwen lang ha de minsken út dizze kontrijen hjir har godstsjinstplichten neikomme kinnen. It ôfbrekken fan de tsjerke hat faeks by mannichieb wer tinzen oan it forline wekker roppen. It tsjinwurdige slachte, dat fan de tsjerke gjin weet hat, en it by oerlevering witte moat, kin allinne it plak oanwiisd wurde, hwer ienkear dit âlde gebou op de hege terp, de minsken sa lang ta tsjinst west hat. Yn 1723 waerd der skreaun dat der op in balke fan de tsjerke skildere stie: in foks, ûnder de gedaente fan in muonts, dy't preket foar de guozzen. Lit ús noch ris op it âlde tsjerkhôf sjen. Hjir lizze tige âlde grêfstiennen meast op it plak, dêr't de flier fan de ôfbrutsen tsjerke west hat, dus op grêven fan lju dy't earen yn 'e tsjerke bigroeven binne. Faek komt jin, by it lêzen fan dy stiennen de namme Vogelzang tsjin. De femylje Vogelzang hat dan ek fêst in bilangrike rol spile yn de âlde histoarje fan Easterwierrum. Ek de namme Kingma en foaral IJnto Kingma kin men der op fine. Alhiel oan de side by de hage leit in stien fan in distelateur. Men kin der dit op lêze: Anno 1666 den 25 Augusty is in den Heere gerust den eersamen INSE EESGES, distelateur tot Franeker, out 33 jaer. (Roane) Boppeoan: Anno 1665 den 4 Meij is in den Heere gerust de eerbare JANCKE JOHANNES de huisvrouw van INSE EESGES out in 't ? jaer en leit hier met ? kinderen begraven. Derûnder: Anno 1683 en hwat der fierder stiet is net dúdlik. Boppe op 'e stien is in âlderwetsk disteleertsjettel útbylde. Op in pear stiennen sjocht men in hynsder stean. Miskyn hâlde dizze hynsders forbân mei de state Vogelzang, hwer, nei't my forteld waerd, ek in "paardestoeterij" hâlden waerd, hwat ek bliken die oan de folle hynstestâllen, dy't der op Vogelzang wêze moatten ha. Ek moat der grêfstiennen wêze, hwer't op beitele stiet, dat de forstoarne yn libben "paardekooper" west hat. Dat der yn Easterwierrum hynste-keaplju wenne ha, is wol to bigripen, sjoen de bikende hynstemark mar dêroer in oare kear.



Alde tsjerke en toer fan Earsterwierrum